

Hjoeddeiske gedichten hifkje: Kritearia

Betingstferklearring! Dizze kritearia komme nei foaren út yngeand ûndersyk nei hoe't redakteuren fan gesachhawwende poëzytydskriften in gedicht hifkje. It is net in metoade; it is 'sa't men it blykt te dwaan'. Op grûn fan bêste praktyk kinne jo de kritearia brûke as hifkingsstelsel om gedichten út te kiezen dy't bysûndere wurdearring fertsjinje. De list fan kritearia ken *gjin* punteseem, mar (13) ûnderboude oardielen. Sa litte de kritearia jo systematysk elk gedicht wurdearje, likefolle it skriuwwfermogen fan de dichter.

(Lês elk fers lûdop, en lês opnij lûdop)

De technyske kritearia

1. Is de rigel brûkt as nijsgjirrige ritmyske ienheid?
Ferlykje de meganyske regelmjittichheid fan 'Oankomst' fan Tsjêbbe Hettinga mei de ôfwikseljende rigels yn Baukje Wytsma har 'Yn de winter fan 1991'. 'wachtsje mar' fan ella wassenaer is net folle mear as opspjalte proaza.
2. Brûkt de dichter lûden om de bestjutting te fersterkjen of om dy lûden sels?
'De oarsprong' fan Jabik Veenbaas is de hiele tiid lûd en swier. Sytse Jansma syn 'Arabysk is ús heitelân' is stiller mar dochs optwingerich yn syn wjerklinken. 'Us plak' fan Albertina Soepboer lit omtinken foar lûdeffekten sjen, mar sûnder it te oerdriuwen.
3. Brûkt de dichter wurge of enerzjyrike wurden?
Ferlykje de dizige ôfstanlikheid fan Tiny Mulder har 'minske god - God de minske' mei de direktheid fan diksje en ûnderfining yn 'yn it deiferbliuw waard drok praat' fan Jaap Veenstra.
4. Binne de bylden helder, folslein en organysk ferbûn?
'O jins tsjoensliet jins beswarring' fan Piter Boersma hat te folle dizige, net-gearhingjende bylden. 'In memoriam' fan Tsjits Peanstra hat ek dizige bylden mar dy binne behearske. 'Skjinhead' fan Cornelis van der Wal ferliest rjochting yn botsende ferheftige bylden.
5. Nimt de oanienskeakeling de lêzer fluch mar helder mei?
'Trettjin fersen' fan Hessel Miedema ferfele de lêzer troch har meanderjen. 'Ragnarok' fan Douwe Tamminga giet hast sa hurd dat it de lêzer efter him litte kin.
6. Groeie feralgemieningen út de ûnderfining yn it gedicht wei, of komme se te betiid, en lykje dêrom oplein?
Yn 'De tiid' fan Elmar Kuiper wurdt domdryst in sosjale betsjutting oan it byld optwongen. Sybe Sybesma syn 'Étude 2' begjint mei in generalisaasje en makket it op it lêst konkreet. De lêste rigels fan 'Net earder' fan Remco Kuiper jouwe in earlike, betroubere konklúzje fan de ûnderfining fan it jonkje dat er wie troch de eagen fan in folwoeksen man, mar de foarlêste stoffe komt te ier. It filosofearjen oer in kwytrekke heiteleafde liket dêrtroch oplein oan in ea lokkich bern.

7. Past de dichter syn manier fan praten by de omstannichheid fan it gedicht?

De toan fan 'Hee, dichterke' fan Edwin de Groot is in ûnplezierige kombinaasje fan spot en ernstich kleien; de yntonaasje fan 'Fers 49' fan Trinus Riemersma is faaks te flak foar de ynhâld. Elk op syn eigen manier lykje de toanen fan 'Famke' fan Reinder van der Leest, 'De dichters' fan Jan Wybenga en 'fan hjoed ôf' fan Tytsy Wyngaarden opblaasd en profetysk.

8. Soe it gedicht better wêze as it koarter wie?

'Sa Frysk' fan Bartle Laverman, bygelyks, hie opknapt west fan it weilitten fan de tredde strofe. 'Yn 'e neisimmer' fan Anne Feddema hie sterker west sûnder de lêste twa rigels, dêr't de ik dy't in sirene freget him te binen dêroan taheakket: mar net oan de mêst. Skrassen fan ien of twa bylden – de badein – koene de 'Weromreis' fan Tine Bethlehem faaks ferbetterje.

9. Wurde echo's of imitaasjes fan oare dichters sichtber?

Fersen beynfloedzje inoar hinne en wer. 'Oan de lânmjitters' fan Eppie Dam echoot 'Warskôging' fan Meindert Bijlsma en Yva Hokwerda har 'See' is sa te sjen aardich skatplichtich oan 'Der binne fan dy dingen' fan Berber van der Geest.

De estetyske kritearia

10. Kin de lêzer in sterke oandriuw efter it gedicht fiele, of lykje de wurden fakkundich oardere om de yndruk te jaan fan wichtige emoasjes?

'Yn 'e skuorre stiet in kistefol ferline' fan Marije Roorda fielt as dreaun troch autentike emoasjes. It is lestich om sa'n driuw te finen yn 'Ierdappels foar loaie froulju' fan Grytsje Schaaf, of yn it retoarysk ûndernimmen 'Motorman' fan Nyk de Vries. 'Kuijer' fan Eeltsje Hettinga liket fêstbesletten om libbene foarbylden te finen foar dizige ideeën. Under 'Sofya' fan Aggie van der Meer leit mooglik in ûnderfining mar dy is oerdutsen troch troch losse útspraken.

11. Jout it gedicht jo it gefoel dat it te snappen is, ek al is it net hielendal begryplik yn 'e earste en twadde lêzing?

'Jaël' fan Margryt Poortstra hat dat potinsjeel. Jacobus Smink syn 'Bern op ierde' liket ek te trochsjen mar mei mear ynspanning as beleaning.

12. Is it gedicht te ferlykjen mei de dichter syn bêste wurk? Of mei de bêste gedichten – oan no ta – oer itselde ûnderwerp?

Mei de earste fraach kinne jo alle minne foarbylden diskwalifisearje. Harren skriuwers hawwe better wurk makke. Mei de twadde fraach komme 'It grutte swijen' fan Sjoerd Spanninga yn oanmerking en ek 'De ballade fan de ammoniakútstjit' fan Abe de Vries, hoewol't sa'n oardiel ûnûntkomber subjektyf is.

13. Kinne jo jo in skoft nei it lêzen noch wat fan it gedicht yn 't sin bringe?

As dat net sa is, en jo joegen it gedicht in kâns, betsjut dat wierskynlik dat it hielendal net memorabel is. Hokker fersrigels dy't jo ferline wike liezen kinne jo it helderst oproppe?